

Ynhâld

De Hooliganbus	7
By de kofje-automaat (1)	11
Jehannes and his Wild Romance	12
Dochter	19
It Frysk is dea	20
It Bilt	25
DJ Elle	26
Total loss	30
Jacob Bergsma - 'Wake-up call'	31
Harkemase Boys	34
Sjoerd B.	36
By de kofje-automaat (2)	40
Don't fuck with Lemsters. Don't fuck with a Shantykoar	41
Lit ús drinke	45
Elvis	46
Roaske	48
Opsokkebalje	50
Tweintich goeie jierren - Ynterview mei Douwe van der Meer	52
By de kofje-automaat (3)	54
Kreakhûs Blues	55
By de kofje-automaat (4)	60
De resepsje	61
Frysk Boekebal	79
Guilty pleasure	80
By de kofje-automaat (5)	82
Renske Heeringa - 'Rinne'	83
Kompromyt	85
Hoe't God út Klaas Stilma ferdwûn	86
By de kofje-automaat (6)	89

Beitske	90
Moeting	91
Tiisdei	92
Swier	94
De hûnen fan Barry Hay	95
It giet goed mei my	99

De Hooliganbus

Myn freondinne en ik sitte op ús lytse terraske op it prachtige eilân Corfu. It is maaie en de tsunami fan toeristen moat noch komme. Yn ús appartemintekompleks sitte, bûten wat âldere Dútsers nei, mar in pear lânslju. Njonken ús wenje tydlik mem Smit en twa dochters, Jackie en Petra út Zaandam. It is in drok en fleurich stel. De twa famkes fan in jier as fiifentweintich slepe harren mem fan strân nei terras en fan kafee nei disko. Se kinne it goed mei-inoar fine en binne, sa as sa faak mei minsken út it westen, nochal oanwêzich.

‘Hallo, buurtjes’, ropt de moaiste fan de twa dochters, Jackie, fan har terras ôf. Jackie hat my juster yn ’e flecht ferteld dat se trouwe sil mei in bekende sportkommentator fan de NOS en dat sy nei dizze fakânsje trochreizget nei Italië dêr’t it wk fuotbal spile wurdt. ‘Lekker weertje toch?’ It trio sit oan de kofje.

‘Ja, heerlijk...’, sis ik foarsichtich. Troch de jierren hinne bin ik wat skrutel wat kontakten mei Nederlanners op fakânsje oanbelanget.

‘Hebben jullie nog plannen vandaag?’

‘Nee, niet echt. Jullie?’

‘Wij doen de eilandtour’, rochelet mem Smit mei har trochrikke stim, ‘met als slot de Griekse avond. Dat is zang en dans op zijn Grieks mét warm eten.’

‘Aha’, sis ik sa neutraal mooglik.

‘Waarom gaan jullie niet mee?’, oppenearret it oare suske.

‘Ik weet niet’, mompelje ik, mar myn freondinne sjocht my ferwachtingsfol oan.

‘Kom op, saai Fries. Spring eens uit de band!’, ropt Jackie mei it moaie lange swarte hier.

Troch dizze druk fan fjouwer froulju gean ik oerstaach.
'Om drie uur worden we gehaald. De bus stopt hier bij het strandje.'

De bustrip oer it eilân hâldt eins net mear yn as it opheljen fan gasten út alle hoekjes fan Corfu. Oan de ein fan de rit sit de bus fol mei Hollânske en Dútske toeristen. Us lytse groepke sit achtern yn en we binne sels mei mem Smit derby, it jongste klupke fan de bus.

De sfear yn de bus is gemoedlik. It is gleon, der is gjin airco en de iepen lûken soargje net foar ferkuolling. De measte fan de âlde gasten knipperje wat en inkelen nimme wat foto's fan de omjouwing. Sa no en dan ropt sjauffeur Theodorus wat troch de mikrofoan as der wer in toeristyske attraksje oan sit te kommen.

Dan draait de bus in parkearplak op. De âlderen skrikke wekker. Wy wurde ôfset op in grut terras mei dêrachter in brede loads. It sjocht derút as in megalisboksstâl. Troch Theodorus en in famke fan de saak wurde wy nei binnen jage en komme wy te sitten oan lange tafels. Ik sit njonken Jackie.

'Kijk eens wat een gezellige zaal', en se draait har gesicht nei my. 'Waarom heb jij zo'n hekel aan dit soort tripjes?', seit se as se myn glês fol docht mei reade wyn.

'Ik haat deze bustripjes. Vooral met Nederlanders, want dat eindigt altijd met een polonaise. En dat is nog erger dan bustripjes.'

'Stel je niet aan zure Fries. Zie je die vaten daar?', en se wiist nei de houten fetten sa grut as in hûs. 'Die zitten vol met rode wijn en je mag hier onbeperkt je karaf vullen.'

De wyn is fergees. Dizze ynfo giet as in feanbrân troch de seal. Yn no time stiet der in file fan Nederlânsksprekkende minsken by de wynfetten. By it foargesetsje, tzatziki mei bôle, hat de enklave Hollanners al in kleur op de wangen fan de

alkohol. Under it haadgerjocht, gyros en moussaka, wurdt der al sa lûd praat en lake, wat it optreden fan de pleatslike Nana Mouskouri fersteurt. Ik fiel my oplitten...

Mei it optsjinjen fan de yochert mei huning en walnuten komt der al wat fan in Oranjekoarts. Tsjinoer my sit in keale man mei in reade holle dy't 'Olé, oléeh' begjint te sjongen. It duorret mar efkes en it folkje fan achter de seedyk balt mei. De folksdûnsers fan Corfu ha hjir sichtber lêst fan. Ik begjin my te skamjen...

Njonken my set de takomstige frou fan de sportkommentator de klassiker 'Nederland die heeft die bal' yn en der falle wynglêzen om. It bouzoukitrio kin hjir net tsjinoan, al dogge se harren bêst. It is in ûngelike striid. Ik sjeneanje my djip...

De âlderen dy't fan 'e middei mei muoite de bus út kamen, stean no te hossen en ferdomd: der wurdt in polonêze ynset! Dit is foar my it momint om my te ferstopjen yn de húskes, mar foardat ik dizze feilige haven berikke kin, pakt Jackie Smit my by de heupen en rin ik foarop yn de polonêze. Ik ha my noch noait sa beroerd field. Om der noch in draai oan te jaan, rin ik streekrjocht troch de keukens fan dizze 'vreet-schuur' mei in sliert fan dronken Hollanners achter my oan. It personiel is ferbjustere.

Om in oere as alve swalkje wy rjochting bus. Op it terras stean trije man ûnbeskoft te pisjen. Se besykje om it folksliet te sjongen, mar komme net fierder as de twadde sin. Dêrnei is it 'lalala'. Nei in lyts kertierke wrakseljen hat Theodorus it soadsje yn de bus. Us 'oosterburen' sitte geduldich foaryn en achtern yn de Hollânske 'hooligans'. De famylje Smit hinget oan de bagaazjerekken en makket dat de bus skoddet. It fehi-ikel giet fan lofts nei rjochts as in fiskersboat yn in orkaan. De keale man mei de reade holle wurdt hjir seesiik fan en hy giet oer syn nekke. Hy spuit read guod dat as in rivier troch de

bus streamt. De Dútsers dogge eangstich de fuotten omheech. ‘Beck-en-bau-er, seroposityf, seroposityf’ balte de Hollanners oer de bûnscoach fan ‘Die Mannschaft’ op de wize fan The Beatles hit ‘Yellow Submarine’. Ik besykje de passazjiers rêstich te krijen, mar dizze hokkelingen binne net yn de stokken te hâlden. De dames Smit binne troch de lûken klommen en sitte no op de bus. Se slaan op it dak en Theodorus begjint yn it Gryksk te flokken.

‘Scha-de Deutsch-land, alles ist vorbei!’, klinkt it no út de bus en ik wit net mear wêr’t ik sjen moat. Einlik kin ik de bus ferlitte en ik strompelje nei de útgong. Ik fyn dat ik my ûntskuldigje moat en ik stammerje yn myn bargedútsk: ‘Mein Freundin und ich’, en ik wiis nei de dronken lânslju, ‘Wir haben es nicht gewusst.’ Ik stroffelje de bus út, de Dútsers sprakeleas en ferbjustere achterlittend.

De bus giet rocheljend de Grykske nacht yn.

(Dútslân is trije wike letter wrâldkampioen neidat se Hollân yn de twadde ronde mei 2-1 ferslein ha.)

By de kofje-automaat (I)

Noch wat dien dit wykein?

Neuh, sneon boadskippen mei de frou en snein nei skoanmem

Studio Sport sjoen?

Nee, Cambuur?

I-I

Knap

Seks hân?

Hast. Do?

Itselde

Werkse

Werkse

Jehannes and his Wild Romance

It is sawat tsien jier lyn dat ik ‘in between opliedingen’ siet. Ik wie der nei twa jier wrakseljen achter kaam dat keunstskiednis net echt myn ‘ding’ wie. No twivele ik tusken fysioterapy of wat yn de sport dwaan. Management of sa. Yn de tusken-tiid wie ik barkeeper yn kafee ‘Fransz’ krekt bûten it sintrum fan Ljouwert. Kafee ‘Fransz’, fan eigener Frans van der Weg, hie in mingd publyk. Moarns, it kafee gie iepen om sân oere, hiene we in soad skoalgeande jeugd fan de skoalmienskip om de hoeke. Yn de middei bestie de klandyzje út bern dy’t skoalle gewurde lieten en wat fêste klanten.

Jehannes kaam altyd om in oere as tsien, krekt neidat hy syn metadon helle hie. Ik sette steefêst syn swarte kofje en in Grand Marnier op ’e taap. Us deistige petear gie as folget: ‘Moarn, Hannes. Noch nijs?’

‘It is stjerrende kâld’ of ‘It hâldt net op fan reinen’ of ‘Man, wat is it waarm’ of ‘Suterich kloatewaar.’

Nettsjinsteande syn altyd negative waarkommentaar wie Jehannes myn favorite klant. Dizze wurkleaze âlde rocker fan tsjin de fyftich wenne yn in ‘beschermdde woonvorm’ in pear strjitten fierderop. Hy wie in bekende fersking yn Ljouwert. Jehannes wie twa meter lang en droech by min 10 of by plus 30 in lange learen jas mei derûnder legerkisten. Syn lange brune hier hie hy yn in sturt en Jehannes hie op syn holle in swarte hoed yn de foarm fan in sombrearo. Syn skerpe swarte eagen yn syn feale gesicht seagen somtiden dwers troch dy hinne. Ik tocht faak dat hy make-up of eyeliner brûkte om der noch driigjender út te sjen. Ik koe minsken dy’t bang foar him wiene. Ik net. Ik fûn Jehannes tusken skoaljonges en gibeljende bakfiskten in paradysfûgel. Want hy hie in ferhaal.

En nei fiif kofje en in gelyk oantal Grand Marniers koe hy fantastysk fertelle. Oer wat hy meimakke hie yn syn libben en oer syn jongesjierren. Hy fertelde dat hy sûnder diploma fan de LTS trape wie, om't er in learaar mishannele hie. Oer it hoe en wêrom woe hy neat kwyt. En dat hy wurke hie op skipswerf 'Welgelegen' yn Harns, mar dat hy ek sûnder iennige ûnderfining of kennis fan muzyk bassist waard fan de band 'The Torpedo's'. Dat wie yn 1978.

'Twa maten fan my', sei er mei in Marlboro tusken de lippen, 'Johnny Wessels en Kees Vogelaar, in drummer en in gitarist, woene in band begjinne. Se seinen: 'do moatst de bas dwaan'. Ik sei: 'ik kin net spylje'. Sy seinen: 'dat makket neat út.'

'Yn it begjin klonk it nearne nei. It wie ien bak lawaai. Mar yn de rin fan de tiid kaam der wat struktuer en krige we ús earste optredens. Foaral yn It Bilt en Holwert en omjouwing. Us hichtepunt wie dat wy foarprogramma wiene by Herman Brood and his Wild Romance. Dit optreden wie yn it foarjier fan 1983 yn de sporthal fan Dokkum. Ik wit noch dat ik deaen deasenuwefich wie, want Herman wie ús held. Derom hong ik middeis al by dy sporthal om. Ik wit noch wat ik fiede doe't in swarte truck mei gouden letters Wild Romance oan de sydkant de strjitte yn ried. Rock-'n-roll, man. Rock-'n-roll', suchtet Jehannes.

'Anyway, de roadies, fjouwer man sterk, begûnen út te laden en om't ik neat te dwaan hie, holp ik mei. De mannen hiene it dreech om de swiere apparatuer op it hege podium te krijen, mar ik hie der gjin muoite mei. Ik wie troch it wurk op de werf sa sterk as in dyk en yn no time hiene we it spul op it toaniel. Nei ús optreden, ik wit der fan de spanning neat mear fan, en nei Herman syn gig holp ik de roadies wer mei ôfbrekken. Doe't alles yn de truck siet, kaam de opperroadie

dy't de rest 'Baas Bach' neamde, op my ôf en frege: 'Hey, lange. Heb jij het druk?'

'Eh, nee. Hoezo?'

'Nou, wij rijden vanavond naar Groningen en morgen gaan we naar Hamburg voor een kleine Duitse tour. Je kan mee als roadie.'

'Ik ben jouw man!;', rôp ik. Dit wie myn stap yn de wrâld fan seks, drugs en rock-'n-roll. Ik draafde de sporthal yn en balte tsjin myn Torpedomaten: 'Tabee freonen! Ik stap út de band en gean as roadie mei Herman op toernee.'

De mannen fan The Torpedo's bleaune ferbjustere achter, mar ik siet al yn swarte truck. Ik wie lid fan it grutste rock-'n-rollsirkus dat der oait yn dit lân west hat.'

Jehannes seach mankelyk oer syn drankje.

'Wat is der fan The Torpedo's wurden?', frege ik foarsichtich.

'Johnny fûn in wiif en wurket by syn skoanheit yn in grientesaak en Kees sit op in boareilân.'

Eltse dei nei de surrogaatheroïne siet Jehannes by my oan de taap. En hy fertelde oer syn libben yn de rock-'n-roll, oer de groupies en de dealers, oer de drank en de drugs, oer wylde feesten en ôfbrutsen hotelkeamers. Jehannes makke it allegearre mei. Hy wie net allinne ferantwurdlik foar de apparatuer, hy wie ek de man dy't de groupies útsocht foar Herman.

'En ik moat bekenne dat ik der ek fan profitearre ha', sei hy, 'de moaiste froulju ha ik hân. Net omdat ik sa kreas wie, mar om't ik lid wie fan dit sirkus. It wie in prachtige tiid.'

'De kearside? Och, ik siet al gau oan de speed. De feesten, it wurkjen, it toeren; it wie swier, mar mei in pear lyntsjes speed koest de hiele wrâld oan. On the road hie ik der eins gjin lêst fan: ik naam it as wie it in bakje kofje, mar foaral as we net op tour wiene, hie ik it swier. Troch ferfeling begûn

ik doe mei heroïne. Earst Sineeske, mar al gau fia de spuit.’
De eks-roadie seach tryst foar him út.

‘Foar myn eigen beskerming gie ik doe mar op toernee mei bands as Vitesse en Normaal, mar doe’t ik yn 1988 troch smoarge en fersniene heroïne yn it sikehûs belâne, wie it klear. Hiel Nederlân rûn de polonêze, om’t it Nederlânsk alvetal Europeesk kampioen wie, mar ik lei ôf te kicken yn in kibboets krekt boppe Tel Aviv. God, wat wie ik siik der yn Israel, mar ik kaam nei in jier clean werom.’

De jiskebak rekke fol, it glês wie leech. Ik sette gau in nije konsumpsje op ’e taap.

‘Ik hie it moai foar inoar. Ik wenne yn Grins en wurke by in muzyksaak. Ik wie noch gjin tritich en seach derút as in jonge god. Prima de luxe! Neat mear oan dwaan.’

Jehannes stuts wer in sigaret oan.

‘Mar doe belle manager Koos van Dijk: ‘Hey lange. We gaan weer op tour. We hebben je nodig. Herman heeft je nodig.’

‘Zei Herman dat?’, frege ik noch.

‘Ja, hij wil je terug. Herman houdt van je!’

En ferdomme, ik trape deryn. En doe’t ik wer by de crew wie, wie it iennige dat Herman sei: ‘Hey lange. Ben jij er ook weer?’

Jehannes lake syn swarte toskten bleat.

‘En ja, de speed fleach my om de earen. En ja, ik bin swak...’

It wie woansdeitemoarn tsien oere. De doar gie iepen en in man stapte kafee ‘Fransz’ binnen. De man rûn op suêde skuon mei wite sokken. Hy droech in swart pak wêrfan’t de boksen oan de koarte kant wiene. Under it jaske hie hy in pears shirt. De man wie glêd om it kin en hie fersoarge koart hier. It wie in kreaze ferskinning mei as iennige dissonant in soarte fan sombrearo op syn holle. De nije klant plofte op de kruk fan Jehannes dêr’t de kofje en Grand Marnier al klear